

## TASPRAAK 4 MAAIE 2022 SUMAR

### SPRUTSEN WURD JILDT!

Achte achte famylje Wijma, ynwenners fan Sumar, jonges en famkes, loko boargemaster.

Tank oan Sumar foar de útnûging en om hjir sprekke te meien.

Twa minuten stilte... Hoe bysûnder is it om dat meiinoar te dielen en te ûnderfinen...

Elk mei syn eigen gedachten

Twa minuten fielt yn ús hjoeddeistige jachtige tiid in iewichheid.

Deste djipper dringe dy 120 sekonden troch.

Op 4 maaie soargje dy twa minuten foar ferbining.

Ferbining tusken ús hjir mei-inoar oanwêzich yn Sumar, sa at we hjir binne yn it no...

Ferbining mei it ferline, mei de slachtoffers dy't fallen binne yn de Twadde Wrâldoarloch, en harren neibesteanden.

Ferbining ek mei minsken dy't no middenyn in oarloch sitte.

Yn Oekraïne, bygelyks.

It is surrealistysk dat der op'e nij oarloch is yn Europa, krekt as wurdt de tiid weromdraait. En dat op noch gjin dei riden fan hjir.

It is mear as in striid fan Ruslân tsjin Oekraïne.

It is in striid tusken systemen. Tusken demokrasy en autokrasy.

Tusken frijheid en ûnderdrukking.

Wêr eindiget it?

Wy meie lykwols net ferjitte dat ek op in soad oare plakken yn de wrâld sprake is fan oarloch, ferfolging, ûnderdrukking en ûnrjocht.

Dy oare oarlogen binne miskyn wol minder op televyzje, mar it wol net sizze dat se net bestean.

It is bitter konstearje te moatten dat frijheden ek yn ús lân ûnder druk stean.

Antidemokratyske krêften winne terrein.

Tolerânsje nimt ôf.

Faksisme, rassisme, útsluting en diskriminaasje; it komt foar.

Krekt as intimidaasje en geweld om wat je fine of sizze, of om wa je binne.

Ek yn Fryslân.

Hoe kin it dat wy net lykje te learen fan it ferline?

De Twadde Wrâldoarloch is noch manifest oanwêzich.

'De Molkbus' werinnert deroan.

It is oprjochte ta neitins oan Freek Wijma.

Wijma wie boer en die mei oan de molkstaking. Hy wegere molke te leverjen oan it fabryk.

Doe't de besetter der achter kaam waard hy foar de eagen fan syn heit op eigen hiem sûnder foarm fan proses deasketten.

Dat wie, hoe opmerkelijk, op 4 maaie. 4 maaie 1943. Op de dei ôf eksakt 79 jier ferlyn...

Trije fan syn soannen binne hjir en sille anst blommen lizze...

De oarloch is foar harren nea hielendal oer.

Dit monumint fertelt it ferhaal fan harren heit, in gewoane ynwenner fan Sumar. In moedich man. Hy stie op en wegere in befel fan de besetter op te folgjen. Hy betelle derfoar de heechste priis.

It is wichtich dat it ferhaal trochferteld wurdt. It is in ferhaal dat dizze mienskip mei foarme hat.

It is ûnderdiel fan it kollektive geheugen fan Sumar.

At iets net trochferteld wurdt, bestiet it net mear.

It is dêrom moai, en dan sjoch ik nei de jonges en famkes fan de skoalle, dat jimme dizze tinkstien adoptearre en ek ûnderhâlde. It sjocht der kreas út.

Dermei hâlde jim as nije generaasje it ferhaal libjend.

En bliuwt it ûnderdiel fan it kollektieve geheugen.

Sa hat elk doarp of buorskip syn eigen ferhaal.

Fryslân telt 316 oarlochsmonuminten. Grut of lyts. Elk is fan wearde.

De dûmny fertelde yn tsjerke oer it hûs fan de mienskip.

Wy libje yn frijheid en meie tankber wêze mei ús hûs fan de demokrasy. Fansels bestiet de ideale wrâld net en is Nederlân nea hielendal ôf.

Litte wy meiinoar sunich wêze op ús hûs en bewust wêze fan ús rykdom.

Wy ha frijheid fan mieningsúting, frijheid fan parse, frijheid fan godstsjinst en in ûnôfhinklik rjochtssysteem.

Frijheid is net fanselssprekkend.

It is in ferantwurdlikheid fan jo en my om dêr hoeden mei om te gean.

Wy binne dat ferplichte nei de minsken ta dy't yn de oarloch it heechste offer brocht ha.

Sa as Freek Wijma.

Dat wy no en yn de takomst rjocht en frijheid hoedzje en trochjaan.